

Opw 687

1

Hear, wiis my jo wei
as oan in twiiv'lich bern,
dat rêstich folgje mei
as 't it paad noch net ken.
As ik gjin krêft mear ha,
fersliten bin,
trest my dan oan dat ik
wer moedich fierder kin.

2

Hear, lear my jo wei
dy't suver is en goed.
Jo wurd is my alwei
as in ljocht foar myn foet.
As ik gjin sicht mear ha,
it tsjuster is,
bring my dan op jo spoar,
it spoar dat ivich is.

3

Hear, lear my jo wil
te folgjen as in bern,
dat blyntjeswei en stil
Jo fertrout en Jo ken.
As ik gjin nocht mear ha
en my ferset,
bring mei jo wurd en Geast
wer waarmte yn myn hert.

4

Hear, toan my it plan
dat Jo, Hear, mei my ha.
Skink my jo Geast, want dan
kin ik oeral nei ta.
As ik it paad net wit,
dat 'k folgje moat,
lear my dat Kristus al
myn rûte ôfrûn hat.

tekst Hans Maat – 'Heer, wijs mij uw weg'
oersetting David de Jong
meldij Elbert en Niek Smelt